

*De Stifting Fryske Akademy docht mear as 85 jier wittenskiplik ûndersyk nei de Fryske taal, de meartalige maatskippij en de regionale skiednis fan Fryslân. Mei multydisziplinêr ûndersyk leveret de Fryske Akademy fernijende bydragen oan it ynternasjonaal wittenskiplik debat, draacht by oan it akademysk klimaat yn Ljouwert en Fryslân, en generearret ynspirearjende fûnemintele en tapasbere kennis foar en oer de maatskippij. It Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen is sûnt 1987 in ûnderdiel fan de Fryske Akademy. Mercator docht ferlykjend en tapast ûndersyk yn Europa op it mêd fan meartalich ûnderwiis, taalbelied en taalfitaliteit, en ferbynt dat mei maatskiplike fraachstikken yn Fryslân. Op dizze wize wurket de Fryske Akademy oan wittenskip op nivo, mei each foar maatskiplike ympakt en basearre op in sterk engazjemint mei Fryslân en de Friezen. De Fryske Akademy is stevich yn de regio ferankere en is learre oan de Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen (KNAW)..*

Wy binne op syk nei in:

## Seniorûndersiker taalwittenskip

38 oeren yn 'e wike / 1 fte

Bisto in ûndersiker mei ûnderfining en wolsto bydrage oan heechwaardich ûndersyk? Witsto de nijste wittenskiplike ynsichten en metoades te ferbinen mei ús ûndersyksaginda? Hasto in breed eachweid oer de grinzen fan dissiplines hinne en wolsto mei rjochting en stjoering jaan oan it programmearjen fan ús wittenskiplik programma? Giesto graach in útdaging oan en sjochsto it as in kâns om ús ûndersyk nei in heger plan te tillen? Dan sykje wy dy.

### Wat sykje wy?

Wy sykje in senior wittenskiplik ûndersiker op it mêd fan de taalwittenskip, dy't mei syn of har ûndersyk in bydrage leverje wol oan ús ûndersyksaginda. Do bist by steat om ynterdisziplinêr ûndersyk te stimulearjen en om kollega's te begelieden yn harren wurk en om mei ús allen stal te jaan oan de ûndersyksaginda. Do bist by steat om dy te ferhâlden ta de Fryske kasus en om dizze yn in ynternasjonaal ferlykjend perspektyf te setten.

### Wat hâldt it wurk yn?

Do dochst sawol selsstannich as yn teamferbân ûndersyk op it mêd fan de taalwittenskip, yn it ramt fan de ûndersyksaginda. Do setst ûndersyksprojekten op en fregest projektfinansiering oan. Do hast dêrby - yn alle gefallen de earstkommende jierren - as ien fan de programmakoördinatoaren (sjoch hjirûnder) in kaaiposysje yn it stjoeren en koördinearjen fan wittenskiplik ûndersyk binnen ús ynstitút. Dêrby soargesto derfoar dat

ûndersyksprosessen effektyf delset wurde en fersterkesto de gearhing tusken ferskate projekten en dissiplines. Do wurkest nau gear mei kollega-ûndersikers en eksterne partners. Do kinst teoretyske en/of metodologyske ûndersyksfragen ferbine mei wêr't de maatskippij ferlet fan hat en do makkest dêrby optimaal gebrûk fan de mooglikheden dy't de Fryske mienskip te bieden hat. Do setst de foarstap yn it inisjearjen fan regionale, nasjonale en ynternasjonale gearwurkingen en subsydje oanfragen.

#### Dyn wurk sil û.o. bestean út:

- it dwaan fan orizjineel wittenskiplik ûndersyk op it mêd fan de Fryske taal en fan meartaligens yn Fryslân;
- it skriuwen fan projektfoarstellen en it akwirearjen fan eksterne fûnsen;
- it lieding jaan oan projekten en it yn teamferbân ûntwikkeljen fan plannen op basis fan de ûndersyksaginda;
- it fêsthâlden oan en eventueel bystjoeren fan de linen dy't útset wurde yn de ûndersyksaginda;
- it beoardieljen fan projekten en ûndersyksinisjativen en it oansluten by nasjonale en ynternasjonale ûndersyksinisjativen;
- it coachen fan kollega-ûndersikers;
- it gearwurkjen mei kollega-programmakoördinatoren.

#### Funksje-easken

- Do bist minimaal 5 jier lyn promovearre.
- Do hast ûnderfining yn it opsetten, oanfreegjen, publisearjen en útfieren fan ûndersyksprojekten.
- Do bist ree om dy ta te lizzen op ûndersyk binnen de ûndersyksaginda.
- Underfining mei it coachen fan en it lieding jaan oan kollega's is in pree.
- Do hast in grut netwurk en do kinst goed gearwurkje.
- Do bist analytysk, selsstannich, pro-aktyf en ryk oan inisjatyf.
- Do hast in treflike kennis fan it Nederlânsk en it Ingelsk, sawol mûnling as skriftlik. Ast it Frysk noch net machtich bist, kinst fia ús in taalkursus Frysk folgje.

#### Wat biede wy?

- In útdaagjende en selsstannige baan: meitsje ympakt binnen ús organisaasje troch it opsetten en ûntwikkeljen fan eigen ideeën en inisjativen.
- Fleksibele wurktiden mei mooglikheden om thús te wurkjen.
- In oanstelling foar in jier, dy't by in positive evaluaasje ferlinge wurde sil yn in oanstelling foar ûnbeskate tiid.
- Ofhinklik fan oplieding en wurkûnderfining krigesto in oanstelling yn it UFO-profyl ûndersiker 2 of ûndersiker 1 (sjoch [salarisskalen](#)).

- Goede sekundêre arbeidsbetingsten.
- In wurkomjouwing dêr't elkenien him wolkom en wurdearre fielt, dêr't omtinken is foar yndividuele kwaliteit en dêr't de mooglikheden om dysels fierder te ûntwikkeljen foarop steane.

### Oer de Fryske Akademy

De Fryske Akademy is it wittenskiplik ûndersyksynstitút dat ûndersyk docht nei de Fryske Kasus en nei Europeeske minderheidstalen (ûnderdiel Mercator). It ynstitút foarmet de kearn fan de akademyske Frisistyk yn Nederlân en fan kennis fan minderheidstalen yn Europa, en is stevich ynbêde yn de lanlike en Europeeske ûndersyksynfrastruktuer. De Fryske Akademy is liearre oan de KNAW en wurket nau gear mei KNAW-ynstituten en universiteiten. As relatyf lyts ynstitút mei grut netwurk en grutte ambysje, hawwe wy in bysûndere posysje dêr't yn frijheid ûndersyk yn dien wurde kin. Wy wurkje yn in platte organisaasje wêrby't meiwurkers selsstannich en selsstjoerend mei entûsjasme en passy gearwurkje. Kollegiale gearwurking en romte foar inisjativen steane foarop.

### Programmakoördinatoaren

Om de útfiering fan ús wittenskiplike programma te monitoarjen en stjoeren, hawwe wy de rol fan programmakoördinator. Fan (senior) wittenskippers freegje wy om yn rûlearjende gearstalling per beliedsperioade de rol fan programmakoördinator op harren te nimmen en sa yn oparbeidzjen mei de kollega-programmakoördinator in krúsjale rol yn de organisaasje te ferfoljen. Dat komt altyd njonken de kearnzaak fan ûndersiker, dêr't ek by it útoefenjen fan dizze rol 50% tiid foar bliuwt.

### Wolst mear witte?

Wy wolle dy graach mear fertelle oer dizze funksje. Nim dêrfoar kontakt op mei Nelleke Ijssennagger-van der Pluijm, fia it e-mailadres [nijssennagger@fryske-akademy.nl](mailto:nijssennagger@fryske-akademy.nl) of it telefoannûmer 058-213 14 14 (resepsje).

### Wolst sollisitearje?

Dan kinst dyn motivaasjebrief mei cv oant 14 april 2025 e-maile oan de hear Anne Mulder, Ofdieling HR, mei it oanjaan fan "Taalwittenskip 2025", nei [wurkje@fryske-akademy.nl](mailto:wurkje@fryske-akademy.nl). De sollisitaasjepetaren sille holden wurde op 29 april.



KONINKLIJKE NEDERLANDSE  
AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

*Akwisysje nei oanlieding fan dizze fakatuere wurdt net op priis steld.*